

R. R. van der Leest op werhelling In pionier, dy't nocht hie oan foarm en humor

By ús thús stie yndertiid in dichtbondel op 'e boekeplanke fan in sekere Reinder R. van der Leest: *Boartersbûkje 1909 en sextich*. Benammen dat wurdsje 'sex' fassinearre my as lyts famke o sa. Dêr moast dochs wol hiel wat spannends yn stean. Mar dat foel ôf by it trochblêdzjen fan it bondeltsje. Der stiene allinnich mar gedichten yn.

20 7/8 2001
GERBRICH VAN DER MEER

Letter kaam ik in aansichtkaart tsjin mei in gedicht fan dyselde Van der Leest. *Tafeltennis* hjitte it. Sa flau ús luzen mar tagelyk izersterk. Ik haw it altyd ûntholden.

Tafeltennis

ping pong
ping pong
ping pong
ping pong
ping pong
ping pong
ping pong pong

1 - 0

Reinder R. van der Leest hie net allinnich dichterlike aspiraasjes, ek as skriuwer hat er aardich wat wurk fersetten. Dat wie oars net de bedoeling. Nei sa'n fiif jier eksperiminteel dwaande te wêzen binnen it Frysk literêre sirkwy, hie er it wol sjoen. Yn de Fryske literatuer foel der net in soad te feroarjen as nijljochter; alles bleau dochs by it âlde. Mar nei syn 'formele' ôfskied yn 1970 fan de Fryske literatuer gie er dochs op eigensinnige wize troch mei produsearjen. Dichtbondels, romans, in jeugdboek en oersettings passearren de revu. Seis jier lyn kaam der sa noch in oersetting fan Carmina Burana út.

Reinder van der Leest syn earste twa detektiveromans, *Komme dy kepers?* draaiboeke foar in b-film en *Boef fan Rys*, tekstboek foar in sjongspul, binne koartlyn werprinte yn de rige Fryske Klassiken II mei in taljochting op skriuwer, wurk en útjeften fan Tineke Steenmeijer-Wielenga. Blykber hat de kommisje dy't dêr ferantwurdlik foar wie, de detektiveromans in twadde kâns jaan wollen. It detektivesjenre wie yn de jierren santig in nij soarte yn Fryslân en de humor dêrfan waard lang net altyd begrepen.

Bizarre aventoeren

Komme dy kepers? (1969) en *Boef fan Rys* (1972) binne de earste twa dielen fan de Nier-en Dynte-syklus, dêr't Van der Leest yn de rin fan de jierren noch fjouwer dielen by oanplakt hat. Yn beide romans steane Dynte Planteit, in ferdiveadaasjefamke en har partner Nier Hinnebruer, dy't har oeral yn assistearret en hinne bringt, sintraal. Dynte har funksje soarget derfoar dat it stel hieltyd wer yn bizarre avontieren belannet. Yn de detektive *Komme dy kepers?* wurdt Dynte de selskipsdame fan skaakmaster Jimmy Angler. De ûnderwrâld besiket it duo Planteit/Hinnebruer lykwols hieltyd de foet dwers te setten.

Yn *Boef fan Rys* wurdt Dynte it ferdiveadaasjefamke fan Julius ofte wol baron Pappsack út Dútslân. Dynte en Nier moatte de baron troch Fryslân rûnliede en it âlde Fryske kultuerguod sjen litte. De baron hat nammentlik in miljoen gûne yn 'e bûse dy't er te'n goede komme litte wol oan it Frysk kulturele libben. Ek yn dit ferhaal komme der knokploegen en gangsters

op it paad fan it fermeitsduo. Mar de twa binne de tsjinspilars úteinlik hieltyd te fluch ôf en as op it stuit dat it der echt hiel min foar harren útsjocht is der noch altyd in echte Dea ex Machina.

De styl, dêr't Reinder van der Leest yn skriuwt, wie neffens sizzen fan Steenmeijer om 1970 hinne folslein oars as wat de lêzers fan Fryske boeken doe wend wiene. Sa stiet op side 230: „It sjenre fan de moderne ûntspanningsliteratuer waard yn it Frysk winliken noch net beoefene. Yn de aventoerero-mans lykas Van der Leest se skreau, binne de spanning fan in thriller (skriller), de kolder fan in klucht en de maatskippijkrityk fan in satire kombinearre.

De ferhalen binne net realistysk, de personaazjes sa optocht, dat se de lêzers net útnoegje ta identifikaasje en de skriuwer hellel frjemde fiten út mei it Frysk. Om ek wille te belibjen oan de satire moatte jo mei de skriuwer meigean wolle yn syn fantasij en syn brike ynfal-folgen folge.”

Persiflaazje

De twa detektive romans, of leaver de persiflaazjes op de detektive, litte dúdlik sjen dat syn leafde foar it byld by it komponearjen fan syn romans net swak byspile hat. Syn personaazjes lykje sa út in tekenfilm stapt te wêzen. Ynhâldlik liket der in grutte rol weilein west te hawwen foar de assosjaasje. Side 128: „Dynte sit yn de koken. Wat docht se? Sûpe? Nee, drinke. Sûpe drinke.” of op side 129: „Dynte strûpt in broekpak oan en Nier siket om syn pakbroek”. Lit ús sizze, echte Van der Leesteriaanske humor.

Mar Van der Leest sprekt ek wolris wat djippere lagen yn syn humor oan, lykas op side 184 dêr't in Fryske pommerant Nier oansprekt oer Gysbert Japicx. „Wat sizze jo fan Gysbert Japiks?” freget er. By lokraak jout Nier in djipsinnich antwurd. 'Gysbert Japiks is,' seit er. Dat moat de grouwe stút earst even ferearbedzje. Hy docht gâns writen. Mei tomme en wiisfinger omslút er syn noasbrêge. 'Dat is in wier wurd,' jout er ta. 'Gysbert Japiks is. Lyk as Bach is en Rembrandt is. Dêr is alles mei sein. Dêr hoecht men net oer te striden. Ik sil it ûnthâlde foar in redefiering. Gysbert Japiks is.'”

No tritich jier letter, wol it jo amper oan dat Van der Leest syn wize fan skriuwen sa fernijend wie. Doedestiidse eksperimintele styl-middels as it parallele fertellen en it fuortlitten fan ynterpunksje, taal-grapkes as it brûken fan ûnsinnammen komme jo ommers ek yn hjoeddeistich wurk tsjin lykas *De brulloft fan Valentijn* (2000) fan Jabik Veenbaas en *Sinleas geweld* (2000) fan Trinus Riemersma.

Miskien dat de skriuwer mei syn eksperiminten mear yn gong setten hat as dat er sels ynearsten tocht.

Komme dy kepers?/Boef fan Rys, R.R. van der Leest. Koperative Utjowerij, Boalsert. 2000. 239 siden. 28,95 gûne.